



de Earn

Jiergong 17, nûmer 72, desimber 2016

Nijs fan it FOWE

Mei it Frysk Oekumenysk Wurkferbân te Earnewâld (FOWE) hat it faai stien.

Marten van der Molen hat him fan 't simmer weromlutsen út it bestjoer, Siebrig Koopmans sil der mei yngong fan it nije jier mei ophâlde en Rienk Klooster hat it beslút nommen om der dan ek in punt efter te setten.

Gelokkich hat Jan van der Wal út Garyp him fan 't hjerst beskikber steld en is no lid fan it FOWE. Omdat der okkerdeis in hiel goed en posityf petear west hat mei in fertsjintwurdiging fan de fúzjekommisje, hat it FOWE besletten om dochs troch te gean mei de Fryske tsjinsten. Sadwaande sil der lykas foarhinne ien kear yn de moanne in Fryske tsjinst wêze yn de Agnestsjerke yn Earnewâld. Allinne de tsjinsten yn it simmerskoft komme te ferfallen, om't it tal besikers fan de tsjinsten fan maaie oant en mei augustus hieltyd mear tebekrint. It bestjoer fan it Wurkferbân bestiet op it heden út fjouwer leden: Jan Jongsma (foarsitter), Tine van Minnen, Hendrik Jan Haanstra en Jan van der Wal. Om't dat wat oan de krappe kant is, sil besocht wurde om der in pear nije minsken by te krijen.

De Earnewâldster Rûnte

De Earnewâldster Rûnte, in wurkkommisje fan it FOWE, sil yn de mande mei de wurkgroep Rotonde gewoan trochgean mei it organisearjen fan seis lêzingjûnen yn it winterskoft. Ek dit jier is der wer in entûsjast publyk en in goeie opkomst (98 dielnimmers). Wy hawwe der krekt in nij lid bykrige yn de stjoergroep, dat dy bestiet no mei-elkoar út acht persoanen:

Tjabel Klok, Tine van Minnen, Elly Heuzeveldt, Ate Klomp, Rienk Klooster en fan Rotonde: Mieke de Haan Medevoort en Hein Bergman. Wy binne op it heden al wer drok dwaande mei it program foar 2017–2018.

De *Earn* sil net langer trije kear yn it jier ferskine, mar noch ien kear en wol yn begjin septimber. Dan wurde de tsjinsten foar it kommende winterskoft oankundige en wurdt it program foar de ER publisearre.

Oare tuskentiidske meidielings fan it FOWE sille tenei opnommen wurde yn Tegearre, it blêd fan de PKN yn Earnewâld.

It bestjoer

Ofskied ds. Klooster

Om persoanlike reden haw ik miend my mei yngong fan it nije jier werlûke te moatten út it FOWE.

Tiden hawwe no ienkear tiden.

Dêrby komt dat ik foar mysels de peallen ferset haw. Myn dûmnyskip haw ik ôfsletten. Sûnt ik op 19 juny fan dit jier mei emearitaat gien bin en net langer oan in gemeente ferbûn bin, fernim ik dat de tsjerke hieltyd fierder fan my ôf kommen is te stean. Omdat ek it pastorale wurk en oar gemeentewurk ophâlden is, is der ek gjin libben kontakt mear mei in leauwensmienskip. Dêrmei bin ik ôfsnien fan wat foar my de wichtichste boarne wie by it tarieden foan in tsjinst.

No't it der sa hinne leit, haw ik ek hielendal gjin nocht mear oan it kânselwurk. Ik haw om samar te sizzen 'de peallen ferset'.

Njonken myn dûmnyskip - yn 1977 bin ik yn myn earste gemeenten befêstige - haw ik ek altiten wittenskiplike belangstelling hâlden. Earst haw ik in doktoraalstúdzje dien, doe in promoasjeûndersyk en dêrnei in tal artikels en ek in boekje publisearre. It dûmnyskip haw ik dan ek noait belibbe as in amt dêr't ik as persoan mei gearfoel. As my op fekânsje bygelyks de fraach steld wurdt: 'Dus jo binne dûmny?' dan sil ik grif antwurdzje: 'Ik bin Rienk Klooster en fan berop yndied dûmny. Mar op dit stuit bin ik net yn funksje!'

Op 19 juny fan dit jier haw ik foar myn gefoel it dûmnyskip ôfsletten. Alhoewol't de tsjerke my emeartitaatsrjochten ferliend hat: foargean yn tsjinsten, doop en nachtmiel betsjinje, amtsdraggers befêstigje en noch in tal saken, sil ik dêr yn prinsipe gjin gebrûk fan meitsje. Foargean yn tsjinsten, wêr dan ek, doch ik net mear.

Dat oare spoar dêr't ik altiten op sitten haw, myn wittenskiplike (en ek myn kreative) belangstelling, dy wol ik net misse. Sa rin ik op it heden kolleezjes filosofy yn Grins en bin ik deis dwaande mei it wurkjen oan in stúdzje oer it frijsinnich protestantisme yn Fryslân (in ferfolch op myn proefskrift). Fierder sit ik wer frijwat te skilderjen. By de Earnewâldster Rûnte bliuw ik noch wol graach betruetsen as kommisjelid.

Sa bin ik alle dagen warber, genietsje o sa fan dizze libbensfase en besef de djippe wierheid fan de wurden 'Tiden hawwe tiden'.

Rienk Klooster

Foar alle ynformaasje oer it Frysk Oekumenysk Wurkferbân Earnewâld en de Earnewâldster Rûnte, tsjerketsjinsten, preken, ynformaasje út de Earn ensfh. sjoch op: www.fowe.org

Preekrige

Winterdei binne de tsjinsten yn Earnewâld om en om yn de Agnes tsjerke en yn de Grifformearde tsjerke. De tsjinsten yn de Agnes tsjerke binne almeast yn it Frysk en yn de Grifformearde tsjerke yn it Hollânsk. De FOW tsjinsten binne yn it Frysk of in Frysk dialekt en altyd yn de Agnestsjerke.

| | | | |
|---------------|------------|----------------------------------|-----------------------------|
| 4 desimber | 09.30 oere | Da. L.P. Cnossen, Easterwâld | Frysk Oekumenysk Wurkferbân |
| 11 desimber | 09.30 oere | E. Stellingwerf-Vinke, Earnewâld | Griff. tsjerke, NL tsjinst |
| 18 desimber | 09.30 oere | Da. Y.J. Hiemstra, le | Agnestsjerke (nachtmiel) |
| 24 desimber | 22.00 oere | net bekend by redaksje | Krystnachttsjinst |
| 25 desimber | 09.30 oere | E. Stellingwerf-Vinke, Earnewâld | Griff. tsjerke, NL tsjinst |
| 31 desimber | 19.30 oere | Da. Y.J. Hiemstra, le | Agnestsjerke |
| 8 jannewaris | 09.30 oere | Da. D.E. Cazemier, Eelde | Frysk Oekumenysk Wurkferbân |
| 15 jannewaris | 09.30 oere | E. Stellingwerf-Vinke, Earnewâld | Nei de tsjinst kofjedrinken |
| 22 jannewaris | 11.00 oere | Ds.K. van Marrum | Griff. tsjerke, NL tsjinst |
| 29 jannewaris | 09.30 oere | Ds. G. Postma | Agnestsjerke |
| 5 febrewaris | 09.30 oere | Ds. G.W. Abma, Ljouwert | Griff. tsjerke, NL tsjinst |
| 12 febrewaris | 09.30 oere | E. Stellingwerf-Vinke, Earnewâld | Agnestsjerke, |
| 19 febrewaris | 09.30 oere | Frou H.G. Koops, Skettens | Griff. tsjerke, NL tsjinst |
| 26 febrewaris | 09.30 oere | Frou G. v/d Galiën | |
| 5 maart | 09.30 oere | Frou F. Wesseling, de Tike | Frysk Oekumenysk Wurkferbân |
| 8 maart | net bekend | Ds. J.F. Kroon, Garyp | Griff. tsjerke, NL tsjinst |
| 12 maart | 09.30 oere | E. Stellingwerf-Vinke, Earnewâld | Griff. tsjerke, NL tsjinst |
| 19 maart | 09.30 oere | Frou F. Wesseling, de Tike | Agnestsjerke |
| 26 maart | 09.30 oere | Da. D.E. Cazemier, Eelde | Griff. tsjerke, NL tsjinst |
| 2 april | 09.30 oere | Da. F.F. Fink, Burgum | Frysk Oekumenysk Wurkferbân |
| 9 april | 09.30 oere | E. Stellingwerf-Vinke, Earnewâld | Griff. tsjerke, NL tsjinst |
| 14 april | net bekend | Frou F. Wesseling, de Tike | Goedfreed, Griff. tsjerke |
| 16 april | 09.30 oere | Frou J. Mulder-Vogelzang, Yndyk | Peaske, Agnestsjerke |
| 23 april | 09.30 oere | Ds. J.F. Kroon, Garyp | Griff. tsjerke, NL tsjinst |
| 30 april | 09.30 oere | Da. W. Tinga, Grins | Agnestsjerke |

Fan maaie oant en mei augustus 2017 binne der gjin tsjinsten fan it FOWE.
Foar de tsjinsten fan maaie 2017 en letter sjoch op www.pknearnewald.nl

In Joadsk Krystferhaal

It is 1942, de jûn foar Kryst. Ik bin 11 jier âld. Ik wenje yn Poalen, in fierhinne Katolyk lân, dêr't Kryst rûnom fierd wurdt. De Krystdagen fassinearje my. Mar ik bin ek kâld, hongerich, wurch en dea-benaud.

De hiele moanne desimber hawwe Dútske soldaten de Joadske wyk fan ús lytse stêdsje trochsocht op syk nei bern en âlde minsken. Om't dy net wurkje kinne en neat opbringen foar it Dritte Reich, moatte se deamakke wurde. De slachtoffers wurde oppakt, nei it âlde gerjochtsgebou brocht en dan wurde se nei in lytse bosk oan 'e râne fan 'e stêd brocht, dêr't se fermoarde wurde. De measte fan myn freonen binne der al net mear.

Us mem hat my ferstoppe. Us mem is net âld, mar har hier is grys wurden oan it begjin fan de oarloch. Wy binne al ferskate kearen fan ûnderdûkplak feroare. Ien kear binne we oppakt en as troch in wûnder wer frijkommen. Wy ha ús ferburgen yn kelders, op souders, yn skuorren en oare ûnmooglike plakken. Wy waskje ús net mear en ite gjin waarm iten mear. Wy libje as opjage bisten, krekt ûntkommen oan de rôfdieren, altyd op 'e rin. Wy witte net mear wêr't wy hinne moatte en binne werom gien nei it ghetto.

Us heit en mem witte, dat myn kâns om te oerlibjen frijwol nul binne en har rie te'n ein nimme se

kontakt op mei Frania, de frou dy't foar de oarloch ús wurkster wie. Hja is in djip religieuze, katolike frou en tsjinne al by ús foardat ik berne wie. De jûns foar Kryst komt Frania nei ús lytse, suterige appartemint. Neffens har binne de wachtposten dy jûns dronken en sille se sleauwer wêze. Se hat gelyk en it is net dreech om de ferbeane zône yn te gean. Se is ferjustere oer hoe't wy der hinne libje, want hja wit hoe't wy foar de oarloch wennen. Se hat net lang nedich om har beslút te nimmen. Se hat neat te winnen en alles te ferliezen. As se my fine en har oppakke, wurdt se martele en op-hong op it stêdsplein, as warskôging foar oaren. Dat ha we al earder meimakke. Mar sûnder te twifeljen, seit se tsjin my dat ik my klear meitsje moat. Se ûnthjit ús heit en mem dat se goed op my passe sil en my nei de oarloch opfiede sil as har eigen dochter. Der is amper kâns dat heit en mem de oarloch oerlibje sille. Frania is in gewoane frou. Se hat noait nei skoalle west en se kin lêze noch skriuwe. Se is net in frou fan grutte wurden, mar mei in grut hert: fan goud. It ferget amper tiid om my klear te meitsjen. Ik stean altyd klear om te flechtsjen. Al myn klean haw ik oan: twa jurken, in trui, wat ûnderguod en in âlde jas fan myn ferstoarne broer. Om't ik sa meager as in skraits bin, passe al dy klean my maklik. Troch alles oan te hawwen, bliuw ik waarmer en kin neat stellen wurde. Frania docht in

Hjerstdei

By 't hjerst, as de jûnen langer wurde, as de sinne alle dagen leger stiet en bytiden syn gouden ljocht falle lit oer de beammen, dy't kleurje yn alderhande brún, read en giel, dan kinne jin bytiden ynienen de wurden fan dat prachtige gedicht 'Herbsttag' fan Rainer Maria Rilke yn it sin komme. In soartemint fan gebed is it eins. It gedicht hat twa Fryske dichters ynspirearre om der in oersetting fan te meitsjen: Obe Postma en Fedde Schurer. Sawol it gedicht fan Rilke as de beide oersettings wolle wy de lêzers net ûnthâlde.

De Fryske oersettings binne noch yn de âlde stave-ring.

Herbsttag

Herr: es ist Zeit. Der Sommer was sehr gross.
Leg deinen Schatten auf die Sonnenuhren
und auf den Fluren lass die Winde los.

Befiehl den letzten Früchten voll zu sein;
gib ihnen noch zwei südlichere Tage,
dränge sie zur Vollendung hin und jage
die letzte Süsse in den schweren Wein.

Wer jetzt kein Haus hat, baut sich keines mehr.
Wer jetzt allein ist, wird es lange bleiben,
wird wachen, lesen, lange Briefe schreiben
und wird in den Alleen hin und her
Unruhig wandern, wenn die Blätter treiben.

Hjerstdei

Hear it is tiid. Great wie it simmertij.
Liz no jins skaden oer de sinnewizers
En op de flakten lit de winen frij.

De lêste fruchten driuw har kostliks yn;
Jow harren noch twa súdliker dagen,
Twing ta folsleinens en lit drage
De lêste swietens yn de swiere wyn.

Dy't nou gjin hûs hat, bout it him net mear.
Dy't no allinne is, sil it lang bliuwe,
Sil weitsje, lêze, lange brieven skriuwe
En yn 'e loanen sil er hinne en wer
Unrêstich wanderje, as de blêdden driuwe.

Obe Postma
Samle fersen, Baarn / Ljouwert 1978, side 250

Hjerstdei

't Is tiid. De greate simmer is foarby.
Liz oer de sinnewizers, Hear, dyn skaden,
en oer de paden jow de winen frij.

Jit nou de lêste fruchten folheit yn;
gun har noch in pear súdlike dagen,
om har nei de foleining ta te dragen,
en driuw dyn swietens yn har swiere wyn.

Dy't nou gjin sté hat, bout it him net mear.
Dy't ienlik is, bliuwt ienlik. Hy sil hifkje,
weitsje, hwat lêze, lang omstannich briefkje
en ûngeduerich dwale om hûs en hear,
as brune blêdden troch de leanen drifkje.

Fedde Schurer
Samle fersen, Baarn / Ljouwert 1974, side 464.



In foto fan Rainer Maria Rilke út 1900

Rilke waard op 4 desimber 1875 berne yn Praach as René Karel Wilhelm Johann Josef Maria Rilke, dêr't de hegere klassen eartiids Dútsk praten. Syn mem wie fan rike, Joadske, komôf, mar yn 1884 skate se al fan syn heit. Hy is ferstoarn op 29 desimber 1926 tichte by Montreux yn Frankryk.

Bekende dichtwurken fan him binne:
Das Stunden-Buch
Die Sonnette an Orpheus
Neue Gedichte
Duineser Elegien

Hy is ek tige bekend om syn brieven, dy't yn ferskate boeken publisearre binne.

De Earn
**Útjefte fan it Frysk Oekumenysk
Wurkferbân Earnewâld**

Redaksje en administraasje fan de Earn:
Tine van Minnen
Wâlddyk 9, 9294 LG Aldwâld
Tillefoan (06) 20 60 04 09
E-post: tine.vanminnen@kpnplanet.nl

Ûnder redaksje fan:
Dr. Rienk Klooster, (06) 39 60 96 64
E-post: klooster.rienk@gmail.com
Tine van Minnen
Jan Lautenbach, (06) 10 92 48 08
E-post: jan.lautenbach@kpnplanet.nl

FOWE bankrekken: NL92 RABO 0349 8140 58
ISSN 1878 - 4348

Ferfolch fan side 2

wollene mûtse oer myn swarte hier. Myn wite, fermeagere antlit wurdt omwuolle mei in grutte sjaal. Ik bin beskerme foar de kjeld en myn net-slavyske uterlik is kamûflearre. Ik realisearje my dat ik myn famylje noait wer sjen sil, mar ik gûl net. Ik wit net hoe't ik gûle moat. Ik krûp heit en mem oan. Frania krijt my by de hân en seit my om net bang te wêzen en we geane.

Net ien hâldt ús tsjin as wy it ghetto út geane. De stjerren oan de swarte himel begelieden ús as de wite snie ûnder ús fuotten kreaket. Wy moetsje minsken dy't ûnderweis binne nei de Krystnacht Misse. We begroetsje harren mei 'Goeie Krystdagen' en Frania begjint krystlieten te sjongen. Nei in skoftke sjong ik mei har mei en ynienen bin ik ien fan de mannich minsken op 'e dyk dy't meisjonge.

We komme by Frania har lytse appartemint. Oerdei wurket se en ik ferstopje my ûnder it bêd. Ik mis ús mem en bin tige fertrietlik, mar ik klei net. Nei in pear moanne realisearret Frania har, dat se ús mem en myn âldere suster net ferfange kin, dus dy komme ek. We ferstopje ús allegearre ûnder de bêden. Ik wit net hoe't we it rêde. Frania har djippe leauwe helpt ús dy hiele tiid om te oerlibjen.

Wy fiere noch twa kear Kryst by Frania. Beide kearen mei wiidweidige tariedings. Wy meitsje Krystfersierings fan stikjes papier, lytse kadokes fan âlde doaskes en stikjes stof. Wy sitte oan in feestlik fersierde tafel en besykje wat iten te sieden en te bakken. De taartsjes binne makke fan min, swart moal en keunstmjittige sûker. Se sjogge der wat tryst út en binne sa plat as in dûbeltsje.

Nei twa-en-in-heal jier komme de Russen en befrije ús stêd en ús. Lang om let wurde we wer feriene mei heit, dy't werom komt út it konsintraasjekamp. Yn desimber 1949 ferlitte we Poalen foargoed. Mei in swier moed nimme we ôfskied fan Frania. We tinke, dat we har noait wer sjen sille. As de trein

Meidielings

Gearkomsten

5 desimber 2016 – gearkomste kommisje
Earnewâldster Rûnte yn Earnewâld om 09.30 oere

Earnewâldster Rûnte

Op tiisdei 10 jannewaris 2017 is de Earnewâldster Rûnte al wer ta oan de 4e lêzing fan it winterskoft 2016–2017.

Sprekker is Prof. Dr. H.S. Benjamins en hy sil it ha oer in syktocht nei God 'nei God' (n.o.f. Richard Kearney en John Caputo).

Kofjedrinken

Op snein 8 jannewaris 2017 is der nei de tsjerke-tsjinst kofjedrinken yn de konsistoarje fan de Herfoarme tsjerke. Elkenien is fan herten wolkom.

Fakânsjes bestjoersleden

Om't foarsitter Jan Jongsma en ponghâldster Tine van Minnen in grut part fan jannewaris op fakânsje binne yn it bûtelân, is Hindrik Jan Haanstra yn dy tiid de earste kontaktpersoan. Syn tillefoan is 06- en syn e-postadres: elzingahaanstra@home.nl

By ferkeard adres werom nei: Wâlddyk 9, 9294 LG Aldwâld

it stasjon út rydt, is it lêste wat ik sjoch har antlit fol mei triennen.
It brekt ús hert en ik begjin wer te skriemen.

Fiifentweintich jier letter koenen we Frania gelokkich wer moetsje. Se kaam by ús op besyk yn Amearika. Op it fleanfjild koe ik har net wer. Se wie hielendal oanein en har antlit like wol op in ploege eker. Doe't we beide oer de earste skok hinne wienen – se hie my fansels foar it lêst sjoen doe't ik 18 jier âld wie – wie ús âlde, fertroude relaasje der sa mar wer.
Se wie noch altyd deselde persoan as dy't ik koe fan eartiids. Goederjousk en nochter. Se hat doe in pear wike by ús wenne, myn favorite iten makke en myn bern suver bedoarn.
Se bleau beskieden en seach harsels noait as in held. Neffens har wie alles bard op Krystjûn, wannear't minsken fan inoar hâlde moatte en hie se allinne dien wat se dwaan moast.

Irene Frisch

Oernommen fan chickensoup.com
Oersetting Jan Lautenbach